

Preek te Frjentsjer – Seisbierrum d.d. 25 Novimber 2007

fan

Dûmny Jan Poutsma

ferzje 2, 2007-11-13

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus,

Binne jimme ek sa út 'e skroeven oer jimme God ? Sa 'n God, dy't troch generaasjes hinne syn wurk trochset ? Wat in feest om yn tsjerke dan dy generaasjes meiïnoar sitten te sjen, âlderein en jongerein. Fan lyts oant grut, fan âld oant jong, meiïnoar yn 'e tsjerketsjinst om de Heare, de God fan it libben, fan jimme en fan dyn libben te moetsjen. In tsjerke, fol mei âlder – en mei jongerein, wat in feest !

Wat is dat gauris oars as men yn it bûtenlân mei fakânsje is. Yn Dútslân of yn Switserlân bygelyks. Kom dêr yn in pleatslike tsjerketsjinst, dan sjochst hast gjin jongerein. In protte âlderein, in protte froulju en wat jonge bern. Mar jongfolk tusken de tsien en de tritich jier âld, se litte harren net sjen. It leuwen is dêr, sa't bliken docht, allinne foar de âldere generaasje. Wat leech, en wat mankelyk; in tsjerketsjinst sûnder jongfolk.

Mar wat is it in feest, eltse Snein folle tsjerken te sjen mei jong en âld, lyts en grut. In moai barren om op dizze wize God te moetsjen. Meiïnoar it Wurd te hearren. Meiïnoar te sjongen. Meiïnoar jimme jeften te jaan. Meiïnoar it leuwen te beliden en te belibjen. Ja, want wy binne ommers, âld en jong, lyts en grut, ferbûn yn datselde leuwen. Fansels, it is yndividueel leuwen, persoanlik leuwen, hiel persoanlik de kar foar jimme Heilân en Heare, hiel persoanlik foar jong en âld. Tagelyks is it mienskiplik leuwen. It mienskiplike leuwen fan generaasjes.

Dat is ek it tema :

Mienskiplik leuwen fan generaasjes

1. Foarlibbe troch de âlderein
2. Belibbe troch de jongerein

Foarlibbe troch de âlderein

Kinne wy eins wol sprekke fan mienskiplik leuwen fan generaasjes ? Ja, kinne wy eins wol sprekke fan eat mienskiplik fan generaasjes ? Fan eat dat âlderein en jongerein mienskiplik hawwe, mienskiplik belibje ? As men jongfolk somtiden heart, soe men tinke fan net. Heit en Mem binne sa âlddoarpsk, of it no mei it leuwen te krijen hat, of mei oare saken. Mei harren kin men yn elts gefal nearne net goed oer prate. Men komt altiten yn tsjok waar. Oer fan alles tinke se oars as dy. Dingen dysto graach wolste, meie no krekt altiten net. Hielyd wer botsto op tsjin in muorre fan oars tinken, oars oardielje, en dus it near oplizze. Eat mienskiplik mei Heit en Mem ? No nee, sûnder mis net.

Ek âldere minsken kinst sa praten hearre. Slaaf at se binne fan harren eigen libbenswize en harren eigen tradysjes, kinne hja neat begripe fan wat jongfolk beweecht en dêr't hja mei sitte. Lit stean wurdearje. Jongfolk makket altiten flaters, oars as hja it eartiids dien hawwe en no noch dogge. Jongfolk bringt der dus neat fan telâne en moat mei hurde hân werombrocht wurde yn it bekende patroan fan eartiids.

Wis, ik wit dat ik oerdriuw. Net alle jongfolk is sa, en net alle âlderen dogge sa. Mar se binne der wol ! En net inkelingen, lit ús ús net fersinne ! Praat bygelyks mar ris mei jongfolk, dat foar harren wurk of foar harren stúdzje it âlderhûs útflein is. Hoe tinke se oer thús ? Jawis, somtiden mei in gefoel fan ûnwennigens en langst nei de dingen dy't fansels binne, en dêr't yn it fermidden fan de húshâlding saken ta in útdragen ein kamen oangeande de kristlike libbenspraktyk. Somtiden nimt dit gefoel fan ûnwennigens de kleur oan fan selsbeskuldiging : ik doch it oars, mar is dat eins wol goed ? Somtiden bemerkst lykwols ek spitigens, om't de koartsichtigens en de probleemleasheid en it brekme oan begryp by Heit en Mem argewaasje jout. De ferwidering is somtiden sa grut, dat de wikewiksel nei hûs ta allinne mar as ferplichting sjoen wurdt.

Wêr is dan, sa freget men jin ôf, de mienskiplikens fan it leauwen ? Kinne wy hjoed – de – dei sa mar in is – gelyk – teken sette tusken it leauwen fan de jongere generaasje en dat fan de foarôfgeande ? Kinsto dat is – gelyk – teken sette tusken dyn leauwen en dat fan dyn âlden en dat fan jimme Pake en Beppe ? Sa as dat yn Paulus syn dagen wol koe ?

Wie der doe gjin generaasjekleau, sa as ik dat niiskrektsa beskreaun haw ? Hie it jongfolk doe hielendal gjin fragen, gjin krityk ? Kenden hja gjin ferset, gjin ferwidering ? Wie der gjin ferskil yn it belibjen fan it leauwen tusken de iene generaasje en de oare ? Rûn der doe hielendal gjin brekline tusken Pake en Beppe, âlden en bern ? Fersin dy lykwols net. Gjien ien generaasje is eksakt gelyk oan de foarôfgeande. Altiten hat der ferskil west. Sels breklinen. Nea hat it leauwen fan de âlden sa mar en automatysk pasklear foar de bern west. Eltse generaasje moat him it leauwen wer oaneigenje. Altiten, wis, mar krekt ek en wol hielendal yn perioaden dêr't de tiid gjin skoft hâldt, alles alleduerigen liket te feroarjen, krekt sa as yn dy fan ús. Sa rêd feroaret de lêste jierren de maatskippij, dat âldelju yn de eagen fan jongfolk yn koarte tiid âldfrinzich wurde. Alderwetsk is it, wannear men net meidocht yn it kompjûter – tiidrek, men gjin mobile tillefoan besit, men net sms – se kin, ensafuorthinne. By it jongfolk is der oars gjin praat. Ek fan muzyk bygelyks : de nijste muzyk en dûnsmeldijen binne krekt wat foar harren. Foar immen dy't wat âlder is, is it net by te sloffen. Wy libje yn in streamfersnelling fan de tiid.

Allinne, tink no net dat dat yn de dagen fan Paulus net it gefal wie. Wy glimkje faaks wat om de argeleazens dêr't de apostel samar trije generaasjes efter inoar yn de rige fan it leauwen se t. En wy tinke faaks : Och Paulus, jo moasten ús tiid ris kenne, mei syn grutte ferskillen tusken de generaasjes, tusken ús en ús Heit en Mem.

It ferrassende is lykwols dat Paulus se yndie kend hat, dy grutte ferskillen. Paulus wie út noch yn net argeleas. Wat tinke jimme bygelyks fan de maatskippeleke en kulturele ferskillen tusken Lois en Eunice oan de iene side en Timotheus oan de oare side ? Tusken Beppe en Mem en de beppesizzer / soan ? Beide Joadske froulju wennen yn Lystra (it berteplak fan Timotheus), in provinsjestêd yn de binnelannen fan Lyts – Azië, dêr't de kultuer fan de grutte stêd skraachoan trochkrongen wie. Yn Hannelingen 14 bygelyks wurdt Lystra ús ôfskildere as in stedsje mei syn meast primitive heidenske ôfgoden. Dêr stie ek de widze fan Timotheus. Mar letter sjogge wy Timotheus as meiwurker fan Paulus de wrâld fan dy tiid bereizgjen, oant

er úteinlik yn Efeze telâne komt, ien fan de kultuersintra fan dy tiid. Dêr hat de man jierrenlang wurke.

Mar wat in kultuerferskil tusken dy ienfâldige froulju út 'e provinsje en dy Timotheus, in man fan 'e wrâld, soe men sizze. Ek Timotheus en syn Mem en Beppe libben yn in streamfersnelling fan de tiid. En ek Timotheus sil wier wol ris prottele hawwe oer de âldfrinzige ideeën fan syn mem en syn Beppe. Mar der is mear. Lois en Eunice wienen beide Kristen út 'e Joaden. Fromme joadske froulju, yn Lystra kristin wurden. Faaks troch ien fan de apostels út Jeruzalim op sindingsreis troch Lyts – Azië, dy't noch foar Paulus, op syn sindingsreis, Lystra besocht hie. De froulju libben noch neffens de Joadsk – Kristlike brûkmen fan de sûn – en spiiswetten fan Mozes. Timotheus lykwols is letter troch Paulus syn preekjen yn Lystra ta it leauwen kaam. Hy hat mei Paulus de âld Joadske libbensregels as ôfdien oan de kant skood. Mem en Beppe wienen noch net sa fier. Wannear't bygelyks Beppe Lois har beppesizzer Timotheus soargeleas mei heiden – kristenminsk te iten sjoen hie, dan soe hja dat net begrepen hawwe, en it ôfwiisd hawwe. De âlde Beppe Lois moast op dat punt leare fan harren beppesizzer Timotheus. Dat sil wol slim foar har west hawwe. Dy nijmoadrichheid fan de bernbern ! Mar, se hat wol omstean leare moatten. Fernijingen moat men as âlderein net perfoarst ôfwize wolle, omdat de jongerein der mei komt.

Wat in tiid fol streamfersnellings foar de generaasjes. Op it mêd fan kultuer, maatskippij en leauwen. Alles liket op 'e helling te moatten. Neat bliuwt by it âlde. Is der dan hielendal gjin kontinuïteit ? Dus ek net wat it leauwen oanbelanget ? Kin men noch fan in mienskiplik leauwen sprekke as Beppe, Mem en beppesizzer sa ferskille yn maatskiplik opsicht en yn belibbing fan it leauwen, mei sa 'n protte ferskillende tradysjes ? Dochs ûnmooglik ?

Ferheard hearre wy dan no op nei de wurden fan Paulus, en de wurden fan ús tekst : "... en dan Timotheus, tink ik fakenfolle oan it ynfieren leauwen dat jimme Beppe Lois en jimme Mem Eunice hienen, en dêr bin ik no fan ertsjûge, do no ek hast". Paulus poetst de ferskillen net fuort, mar hy seit wol : it leauwen is itselde ! En dêr bemoediget er Timotheus mei. De jonge Timotheus, dy it allegearre net mear sa sitten sjocht, sa as bliken docht út dat brief. Dy't him te jong en mei te min ûnderfining fielt. En dy't tinkt, dat guon oaren him dêrom net serieuus nimme. Nee, Timotheus, seit Paulus, druk dat betinken no mar fier fuort, want dat leauwen fan dy wol dy krêft jaan, dat leauwen fan dy kin dy krêft jaan, dat leauwen fan dy kin bergen fersette. Dat oerwint ommers alle miljeuferskillen, ek leauwenbelibbingsferskillen. Sjoch mar nei jim Mem en jim Beppe. Hja komme út in folslein oar miljeu as dêrsto no yn libbest. In folslein oare leauwenbelibbing hawwe hja, wis eartiids, doesto noch thús wieste, sa fêst as se holden oan dy âlde joadske wetten. Mar harren leauwen is ek dyn leauwen. Mienskiplik leauwen. It oerbrêget generaasjekleauwen en it ferbynt totaal ferskillende generaasjes. Wat in leauwen.

En sa drukt Paulus Timotheus op it hert : stean fêst yn it leauwen, krekt sa as dyn Beppe en dyn Mem, en do silst dyn taak oankinne. Do silst generaasjekleauwen ticht meitsje en generaasjes berikke en byinoar hâlde. Paulus moediget Timotheus op en eins tagelyks Beppe Lois en Mem Eunice.

Sa moediget hy hjoed – de – dei de jongerein op, en tagelyks ek de âlderein. Wy tinke alderearst oer harren nei. De jongerein binne aansens oan bar.

Alderein, âlden, Pakes en Beppes, libje bewust út it leauwen dat oan jimme jûn is. Want út dat leauwen wei kinne jimme jimme bern berikke. Yn dat leauwen sprekke jimme deselde taal.

De taal fan it Wurd fan jo en fan harren God. En dat Wurd oerbrêget generaasjekleauwen. As jimme dus mar altiten de taal fan dat Wurd sprekke, en net jimme eigen taal. Ek gjin eigen tradysjes hearskje litte, of allinne mar witte te sizzen : “It hat altiten sa west, en it is dus goed” of “Do dochst it, omdat ik it sis”.

Jimme meie jimme bern jimme belibjen fan it leauwen net twingend oplizze. Alle wegen troch jimme as âlden yn it leauwen betrêden, hoege net troch jimme bern perfoarst op deselde wize folge te wurden. Hja komme mei frisse ideeën, nije wurden, nije bylden. Oars as jimme it dwaan of sizze soenen. Dat is net slim. Triuw se net fuort. Kapje se net ôf. Haw in harkjend ear foar de wrâld fan jimme bern. Lit se harren fragen stelle. Ek al binne dat yn jimme earen faaks krityske fragen. Wês bliid dat hja fragen stelle, dat hja krityske opmerkings hawwe. Dat betsjut dat hja der mei dwaande binne, dat se op syk binne nei harren leauwensidentiteit. Dat it harren net kâld lit. Sjoch God sa oan de gong yn harren libben, yn harren groei fan it leauwen. Oars soenen se nammentlik gjin fragen stelle of krityske opmerkings meitsje.

Wês ek earlik oer de *ups and downs* yn jo eigen leauwenslibben, sadat jimme bern sjogge dat jimme ek net in folslein leauwen hawwe. Dat ek jimme Kristus echt eltse dei fan nede hawwe. Jimme hoege dêrby net alle tsjoedens fan jo hert harren oan de noas te hingjen. Mar jimme moatte ek gjin ferkeard byld jaan fan jimme eigen leauwenslibben en sa harren in ideaalbyld as noarm foarhâlde, dêr't jimme sels net iens oan foldogge. Gun harren de romte, gun harren de eigen leauwensgroei, mei de nedige en somtiden swiere *ups and downs*. Gun harren dêryn harren eigen ynventiviteit.

En dan berikke wy inoar. Alderein en jongerein. Want ommers jimme libben is út itselde leauwen. Op dat leauwen, ja op it Wurd kinne wy inoar oansprekke. Dat leauwen, grûndearre op it Wurd fan God, dat ferbynt generaasjes.

Belibbe troch de jongerein

Mienskiplik leauwen fan generaasjes, no ek belibbe troch de jongerein. Dat is ús twadde punt.

De fraach kin opkomme : “Giet it hjir eins wol om in leauwen, dat ynhâldelik itselde wêze moat“ ? Giet it der net om, dat de generaasjes in leauwen hawwe moatte ? Oars sein : “Net troch wat Timotheus leaude, mar fanwege it feit dat Timotheus leaude wie hy ferbûn mei syn Mem en syn Beppe ?

It giet der dochs om dat men leaut. Wat men leaut mei nei de eftergrûn. Sa soe de jongerein sizze kinne : myn âlden leauden, wy leauwe ek. Hja op harren wize, wy op ús wize. En wy leauwe dan wol (yn) eat oars, mar dat litte wy no mar bûten beskôging. Wy hawwe ek in leauwen.

Wy meitsje dan lykwols op in net tastiene wize it leauwen kwyt fan syn ynhâld. It leauwen wurdt in lege doaze, dêr't men iderkear wer wat oars yn triuwe kin. Yn dit ferbân tink ik oan opmerkings dy't men somtiden fan jongfolk heart, as hja har weiwine foar harren Tsjerke : “Wy nimme wol ôfskie fan de Tsjerke, mar net fan it leauwen, wy leauwe believe noch wol”. Tink dan net : it falt wol wat ta. Nee, bliuw oan de gong mei warskôgjen en praten, bliuw oan de gong mei de oandacht te lûken, en fral, bliuw oan de gong mei bidden. Libje harren foar wat echt leauwen is. Wat it is, jins libben folslein regearje litte troch Kristus.

Dat bedoelt nammentlik ek de apostel, wannear't hy tinkt oan it leauwen fan Timotheus. Hy neamt dat in oprjocht leauwen. Dus in echt leauwen, net in sabeare leauwen dus. Paulus sprekt fan it leauwen yn Jesus Kristus as de persoanlike Ferlosser en Hear fan it libben. It leauwen, dat basearre is op, en fiede wurde lit troch it libbene Wurd fan God. Dêrom skriuwt Paulus yn deselde brief yn 3 : 14, 15 ek : “Bliuw do lykwols by wat dy leard en tabetroud is, wol bewust fan wa datsto it leard haste en datsto fan lyts bern ôf de Hillige Skriften kenst, dy't dy wiis meitsje ta silligens troch it leauwen yn Jezus Kristus”.

It leauwen fan Timotheus, it leauwen fan Eunice, it leauwen fan Lois, it leauwen fan jim Heit en Mem, it leauwen fan jimme jongerein is dus, as it goed is, gjin lege doaze, mar in fol pakket. Oan 'e kop ta fol mei ûnthjitten, befrijing en ferlossing, ja stiiffol (grôtfol) mei Jesus Kristus. Dus yn it leauwen yn Jezus Kristus jout it leauwich foarteam en it leauwich neiteam inoar de hân. Allinne it leauwen yn de libbene Heilân ferbynt âlderein en jongerein, ferbynt de generaasjes.

No, dat libbene leauwen, in leauwen echt en út it hert, dat leauwen is by Timotheus groeid en woeksen troch it foarlibjen en foarbyld fan Mem en Beppe. En sa libbet it no ek by Timotheus sels. Dêr is Paulus fan oertsjûge, sa skriuwt hy.

Jimme sjogge hoe't Paulus dit foarbyld fan Heit en Mem, Pake en Beppe fan belang fynt. Fansels, it leauwen is gjin automatisme. Leauwen is wis net erflik. Mar grut bringe en foarbyld wêze, is wol fan libbensbelang en de wei dêr't God bern it leauwen by bringe wol. De wei. Dat is ek goed te sizzen tsjin minsken, dy't oanstean op in yngeand persoanlike bekearing. Yn evangelyske of strang reformatoryske fermiddens, wol dat noch wol ris foarkomme. In mins moat in krekt te datearjen datum meimeitsje. Tiid en plak fertelle kinne. Sa't dat ek wol ris trochklonk yn it EO – programma *De verandering*.

En fansels ek op dy wize kin de Heare wurkje. Tink hoe't Paulus ris grypt wurden is troch God en bekeard ta Kristus op 'e wei nei Damaskus. En ek hjoed- de - dei kin jongfolk somtiden ferdútse fan in barren yn harren libben, dat harren mei hannen en fuotten omkearde op in wei fan ûnferskilligens en útsloerd tsjerkegean. En harren ta belidenis fan it leauwen brocht.

Lykwols de meast gongbere wei is dy fan opfiede, foarlibje en fertelle. En dêrtroch meitsje jonge tsjerkeleden harren kar foar Kristus. Sa as dat bart by Timotheus, hiel gewoan troch Beppe Lois en Mem Eunice, troch fertellen en foarlibjen. Wat sil Timotheus der fan fertelle kinnen hawwe. Fan Beppe Lois, dy't him fan Jezus fertelde en fan Mem Eunice, dy'út 'e Bibel foarlies. Wat soe de jongerein fan hjoed – de – dei der oer fertelle kinne. Anekdoates, sa as se allinne yn it besletten fermidden fan de famylje trochferteld wurde. Oer it libbene leauwen fan Heit en Mem, Pake en Beppe. Ferhalen dy't opljochtsje troch krytyk en bravoer hinne.

Jongerein, belibje no ek jimme leauwen. Wis, jimme belibje it oars as Heit en Mem, Pake en Beppe. Jimme wurde grut yn in oare tiid, mei nije útdagings. Jimme sille it oars ûnder wurden bringe. Nije fragen, freegje om nije antwurden. Helje se net om. Skamje jimme net foar jimme leauwen. Doar foar dyn Hear en Heilân út te kommen. As Hy útflokt wurdt. As Hy negearre wurdt. As Hy as âldfrinzich oan 'e kant skood wurdt.

Jou jimme leauwen hannen en fuotten yn jimme stúdzje, jimme wurk, jimme ferdivedaasje. Op jimme eigen wize. Mei jimme eigen jeften en krêften. Wer oars as jimme âlden. Mar

dochs : yn mienskiplik leauwen. Want eltsenien, âldere en jongere yn eltse tiid hat Kristus fan nede en deselde ferjouwing en deselde Geast om te fjochtsjen tsjin de sûnde.

It mienskiplik leauwen fan âlden en bern, fan generaasjes dus, is eat om wakker út 'e skroeven fan te wêzen. Ut 'e skroeven om sa 'n geweldich geskink fan ús Heit. Ken dy opteinens. It ferienet âld en jong. It makket alle generaasjekleauwen ticht. Wat in opteinens, wat in leauwen, wat in God. Om ja tsjin te sizzen, ja dochs ?!

Amen

Poutsma25November07.doc